

75 jier Genealogysk Wurkferbân fan de Fryske Akademy

Troch: Gosse van der Plaats, foarsitter GWF


Achte foarsitter,

Yn it foarste plak myn **lokwinsken** mei it 125-jierrich jubileum fan dizze prachtige steateseal! Yn it twadde plak tige tank dat de provinsje ús hjoed de **romte** jout ús jubilea hjir te fieren.

Om te begjinnen ha ik in fraach? Wit ús gastfrou wat in genealooch is? Neffens in bekende definysje immen dy't dwaande is mei famylje- of geslachtskiednis. Mar wat foar **persoan** is dy genealooch?



In genealooch is in **yngreven samler** fan data oer famyljeleden. Hy wol alles witte fan syn âlders, broers en susters, omkes en muoikes, paken en beppe, oerpaken en oerbeppen en betoerpaken en oeroerbeppen ensfh. Hy is eins nea lang tefreden en moat altyd fierder sykje, noch mear fiere foarâlders en famyljeleden. Doe't de term "big data" noch net bestie, wiene der al genealogen mei bestannen yn klappers en letter yn komputerverprogramma's fan mear as 250.000 persoanen! Jo kinne wol sizze dat hy of sy in "**bytsje**" ferslaafd is oan data!



En ik doar it hast yn dizze tiid net lûdop te sizzen, mar doch it dochs. Der wurdt wol sein dat de genealooch **besmet** is. Hy is besmet mei it genealogyfirus. Kin ús genealooch der wat oan dwaan dat hy besmet rekke is? Foar in part net, faaks it is ek in bytsje genetysk bepaald. Mei in pake, omke of muoike dy't mei de famyljeskiednis dwaande is, ha jo it bytiden samar te pakken. Is dat slim? Om it earst mar posityf te benaderjen. Nee, jo wurde der net siik fan, hoege net nei de dokter en alhiel net nei de yntinsive soarch. De negative kant is dat je dit genealogyfirus hast net wer kwyt reitsje. Mar in protte genealogen fine dat ek net sa slim!

De measte genealogen wurkje allinnich op harren souderkeammerke oan de famyljeskiednis. Mar oaren wurkje yn **organisearre ferbân** lykas de leden fan de *NGV afdeling Friesland* en de leden fan it *Genealogysk Wurkferbân fan de Fryske Akademy*. En de leden fan dit lêste wurkferbân wurde ek noch finansjeel in bytsje troch de provinsje stipe. As ûnderdiel fan de Fryske Akademy.

Koartsein: In genealooch is in (bytsje) ferslaafd oan famyljedata, besmet mei it genealogyfirus, wurket bytiden yn

organisearre ferbân en wurdt wat it Wurkferbân oanbelanget ek noch stipe troch de provinsje Fryslân.

Wêrom soe de Fryske Akademy yn 1946 de oprjochting fan it Genealogysk Wurkferbân stipe ha? De Akademy wie sûnt 1938 in **mienskip** fan **fakminsken; ôfstudearre wittenskippers en leafhawwers**; de saneamde **sneupers**. By de Akademy ûntstie yn de earste 10-15 jier in breed ferskaat oan wurkferbannen en wurkgroepen. Wittenskippers en sneupers wurken gear. Tink mar oan de rige doarpskiednissen. Beide partijen skreaunen artikels en de wittenskipper stipe de sneupers by harren ûndersyk.

Wat it genealogysk wurkferbân oanbelanget seach de Akademy dat **resultaat** fan al dy genealogyen en kertiersteaten brûkt wurde koe om **letter as basismateriaal** te tsjinnen om gruttere histoaryske ferbannen te sjen en dito teoryn op te basearjen. Tink mar oan it wurk fan Paul Noomen "De stinzen in middeleeuws Friesland en hun bewoners"(2009) of Cor Trompretter "Doopsgezinde elites in de Friese Zuidwesthoek"(2007). Genealogy wurdt derom ek wolris in **helpwittenskip** neamd.

It genealogysk wurkferbân waard oprjochte op 16 oktober 1946.[1]

Yn it earste wurkplan waard û.o. neamd:

1. Befoarderjen fan it boarne -argyfûndersyk nei famylje, streek of doarp.
2. Utwijseljen fan resultaten en foarlizzen fan problemen op gearkomsten.
3. It klappers meitsjen op âlde Nedergerjochtboeken.
4. Stipe fan begjanners yn de genealogy middels paadwyzers skreaun troch wittenskippers of argyfmeiwurkers.
5. Grêfskrifte-ûndersyk.

Ik kin yn 5 minuten net de hiele skiednis fan it wurkferbân neame. Dêrom neam ik inkele saken en in



oantal maatskiplike ûntwikkelingen. Ik bin dus behoarlik subjektyf! Ik ha it oersjoch brûkt fan it 40 jierich jubileum makke troch twa skriuwers fan it Wurkferbân. Yn 1951 seach it **earste jierboekje** it ljocht. Der wiene doe 150 leden.

Yn 1956 waard út it Wurkferbân in tal leden beneamd ta **De Fryske Rie foar Heraldyk**. De hear Terluin giet der straks fierder op yn. Ut namme fan it Wurkferbân fan herte lokwinskje mei harren 65-jierich jubileum!

Yn 1963 waard útein setten mei de saneamde fragemiddeis. Elkenien koe skriftlik fragen yntsjinje, dy't besprutsen waarden op in gearkomst. De fragesteller moast ek oanwêzich wêze. De fragemiddeis waarden oant yn de jierren njoggentich, doe't der noch gjin e-mail en ynternet wie, in fenomeen! En it kontakt gie foar en neitiid

per brief of telefoan. Wa skriuwt no noch brieven?

De gearwurking mei it Ryksargyf naam ta. U.o. troch it klapperjen; yndeksen meitsje fan de doop-trou- en lidmateboeken. Yn de rin fan de jierren sechstich waard de 40-oerige wurkwike ynfierd. Mei op lêst in frije sneontemoarn. En de Kânselarij – letter it Ryksargyf wie oant 12.30 oere iepen. Resultaat mear flecht op de koai – mear leafhawwers.

Yn 1971 waard de afdeling Friesland van de **Nederlandse Genealogische Vereniging** oprjochte. Kollega foarsitter Spits giet der fierder op yn. Ek fan myn kant de **lokwinsken** mei harren 50-jierrich jubileum!

Yn de jierren 70 en 80 naam it ledetal in grutte flecht û.o. troch de kursussen fan it Ryksargyf. In protte ynteressearre minsken waarden paadwiis makke yn de genealogy. Healwei de jierren 80 waard de **ATF** (algemiene arbeidstiidferkoarting) ynfierd. De wurkwike kromp fan 40 nei 36 oeren. Dat betsjutte in frije middei derby of ienris yn de 14 dagen in hiele dei. En dat joech romte foar Friezen en ek Friezen om útiens om in dei nei Ljouwert te gean foar genealogysk ûndersyk. Yn maaie 1989 wiene der **500 leden!** It wie faaks sa drok dat minsken yn de hal fan it Ryksargyf wachtsje moasten, oant der wer ien útgong.

Yn 1990 nei 40 jier waard it Jierboekje in Jierboek en neitiid hast elts jier tsjokker en tsjokker.

Yn 1996 kaam it **Kertiersteateboek** út.

Yn 1983 wie de **FAF** (Freonen fan de argiven yn Frysân) al úteinsetten mei it yn organisearre ferbân meitsjen fan tagongen op û.o. de Nedergerjochten. De DTB's en in part fan de klappers fan de Nedergerjochten en fan de notariële argiven ensfh. ensfh. waarden nei de iuwwiksel ynbrocht yn de foarrinner fan wat no de genealogyske website is foar Fryslân: www.allefriezen.nl.

Hjoeddedei kin in protte genealogysk ûndersyk thús dien wurde. En ek in protte genealogysk ûndersyk wurdt publisearre op ynternet, ryp en grien. Ek ús jierboek stiet oant en mei 2019 folslein op ynternet.

Ear't ik ta myn ôfsluting kom. Ferline jier koene wy net yn it iepenbier stilstean by in oar jubileum: it **70e jierboek yn 2020**. Mar de hjoeddeiske redaksje lit op 27 novimber 2021 it 71e diel ferskine en hat ek al wer kopij tasein krige foar 2022. Dat sa komt it 75 jierrich bestean al hast yn sicht!.

Mar op **16 oktober** wie it dus 75 jier lyn dat it Genealogysk Wurkferbân útein sette!

Ta beslút: hat de it Genealogysk Wurkferbân **takomst?** Jawis troch:

- a) it útwikseljen fan resultaten op gearkomsten en troch foardrachten fan eigen leden.
- b) it organisearjen fan lêzingen troch histoaris of oare wittenskippers om it genealogysk ûndersyk yn in grutter ramt te setten.
- c) it útjaan fan it niisneamde jierboek.
- d) it organisearjen fan in jierlikse ekskurzje; it saneamde reiske.
- e) it meiorganisearjen, ienris yn de trije jier, fan in genealogyske kontaktdei, takom wike op 6 novimber 2021 wer yn Tresoar.

f) it dwaan fan grêfskriftenûndersyk

g) en net te ferjitten de mooglikheden te skeppen foar sosjaal kontakt mei minsken dy't yn deselde matearje ynteressearre binne.

Mar der is wol **ien betingst**. It ledetal nimt ôf troch fergrizing en ferstjerren. Wy sitte no om en de by de 200 leden. Elts jier ferlieze wy inkele prosinten. Dêrom is it saak dat der **nije leden** bykomme. Op jimme stuollen lizze ús nije struibriefven. Binne jo ynteresseare: jou jo op! Binne jo al lid, mar witte jo in ynteressearre famyljelid, freon, buorman of buorfrou? Nim de struibrief mei en bring harren op smaak foar in lidmaatskip.

Om it jild hoege jo it net te litten. Jo moatte stiper fan de Fryske Akademy wurde. Minimum stipersjild € 25,- dêrnei kinne jo jo oanmelde as lid fan it Genealogysk Wurkferbân. Dêrnei ha jo fergees tagong ta 7 gearkomsten it jier. Kofje en tee sitte der by yn!.

Tank foar jimme oandacht!